

# Roman mei dissonanten

troch Jaap Krol

A ke Visser is de haadper-soan út *De Ofrekken*, Willem Schoorstra's opfolger fan *Swarte Ingels*, dêr't er yn 2005 de Fedde Schurerpriis mei wûn (bêste debút). Ake is homofyl en hat dêrom in iensume jeugd yn Fiskersdoarp, in net by namme neamd plak ergens oan de Noard-Fryske kust. Hy flechtet dan ek fuort. Fuort fan de bekrompenheid, fuort fan syn heit, in man dy't him it leafst negearret. Pas yn Brussel, der't er ûnder oare skiednis studearret en it skopt ta universitêr dosint, fynt er mear syn gerak. Syn langstme nei in keardel wurdt omset yn in wyld en herts-tochtlik libben.

Sintraal yn it boek, dat him ein jierren tachtich ôfspilet, stiet de relaasje tusken heit en soan. De

heit, fynt de soan, hat him noait akseptearre, dielt sels mei dat er net mear wolkom is. De dea fan mem is dan ek de lêste kâns foar harren om tichter by elkoar kommen. Fia lange brieven oan Ake krije wy mear ynsjoch yn it libben fan dizze heit. Brieven dy't mear fertelle as in lêzer ynearsten tinkt. Se fungearje dan ek as rop. As Ake mear as fiif jier letter nei mem har begraffenis werom sil nei Fiskersdoarp om syn heit te twin-gen him rjocht yn 'e eagen te sjen, geane allinnich syn twa iennichste freonen, de punkster Rôt en de skriuwer- dandy- nar Dylan mei him mei. Dizze twa binne Ake's pilaren op syn swiere reis nei hûs, in reis mei in ferbjusterjend ein.

De *Ofrekken* moat in kaleidoskopyske roman wêze, skriuwt de flaptekst. Wat it gefoelslibben fan Ake oanbelanget, is dat wier. Hy is

sá sensityf, dat er mear jout as dat him takomt. Schoorstra is der net benaud foar om it gefoelslibben yn al syn fasetten te beskriuwen. De hertejeier Ake wurdt troch de skriuwer treffend delset as gefoelich en ek tragysk persoan - lykas syn hiele famylje.

Mar ik moat wize op de tekoart-kommings fan dit boek. Sa komt de yntellektueel Ake folslein net út de farve. Syn maatskiplik wichtige status fan universitêr dosint skiednis is in gevel, dêr't it achter wei maklik sjitten is.

Trije foarbylden. Ien: as lêzer fyn ik it net sterk dat Ake syn yntellektualisme him manifestearret troch it ferwizen nei neatsizzende kwalifikaasjes as 'ûndersiker' en it dwaan fan foarsizzings (dien ein jierren '80) oer kwestjes dy't yn 2007 yndie spylje, lykas syn bekrompen (!) tinkels oer 'de' Islam.

Twa: in eigenskip fan in wiere wittenskipper is syn ynsjoch dat er hielendal net safolle wit. Mar wat seit Ake tsjin syn heit, as se oan de dyk stean? 'Yn dit tiidrek sille boppedat alle morele keuzes komplisearre en kompromitearre wurde troch de driuw nei fierdere foarútgong. Krekt as earder. Miskien net yndustrieel, mar bygelyks op it mêd fan 'e ynformaasjetechnology.' (side 182) Dat seit in wittenskipper tsjin in pensjoearde slykwurker, in man dêr't er syn hiele libben in soan fan is, mei alle komplekse gefolgen dy't derby hearre, en yn it gefal fan Ake hiele komplekse. Schoorstra set hjir heech yn, mar ik fyn dit petear hielendal net oannimlik -ôfsjoen fan it feit dat ik ein jierren tachtich noch noait heard hie fan it wurd 'ynformaasjetechnology'. De wittenskipper Ake

is foaral in betwitter. It gefolch is dat de balâns-tusken syn hert en ferstân skeef lutsen wurdt. Dêrtroch haw ik - trije - hielendal net it gefoel hân dat Ake mear as fiif jier út Fiskersdoarp west hat, syn iensumens hat te min in eigen djipte.

Schoorstra jouwt de sintrale tematyk fan dit ferhaal tefolle út hannen. De fantasij en/of suggestje liede gjin eigen, wa wit kontroversjeel, libben, mar wurde ynbêde yn in omslachtich en pseudo-yntellektueel taalgebrûk. It risseltaat is in roman dy't swier oanset is, dy't net losrekket fan syn gewichtichheid en gjin lucht mear jout.

Kaleidoskopysk? Mmm. Ik fyn *De Ofrekken* earder in oerspand boek.

Willem Schoorstra, *De Ofrekken*, Friese Pers Boekery, 2007, 16,50 euro